

it Ambyld

Nû. 54

ISSN: 2542-7423

it Keninklik Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.fr



Foarjiersmoanne 2025

Skriuwer: Kees van der Beek
Parkstraat 55-1B
6881 JD VELD
till. 06 - 81944650

e-mail skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr

*Lit dan krûpe dat net gean doar
Lit dan bûge dat net stean doar –
Dy't gjin krûpen learde giet,
Dy't fan bûgjen frjemd bleau stiet,
Heech it hert, heech de kop:
Frysk bloed, tsjoch op!*


(Fedde Schurer : Betinkstien oan Kneppelfreed)

Administraasje: J. Vogel
Yellowlaan 4
1695 HV Blokker
INGbank rekkennûmer: NL 94 INGB 0000 3200 77 op namme fan:
It Frysk Boun om Utens, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker.

Utnûging

foar de 101^{ste} Algemeine Gearkomste fan 'It Keninklik Frysk Boun om Utens' op sneon 29 maart 2025 yn : 't Veerhuis, Nijemonde 4, 3434 AZ Nieuwegein, 030- 606 4448

Hoe komme jo dêr?.... sjoch op it kaartsje hjirûnder:



Mei de auto: measte kritefertsjinwurdigers sille fanút it noardeasten of easten komme:

Folchje de A28 nei Utert - blae rûte

Nim de ôfslach nei A27 / E30 rjochting Amsterdam / Breda / Hilversum / Jaarbeurs / RING-Z/O / Rotterdam

Bliuw links riden rjochting Breda / Den Haag / Jaarbeurs / RING-Zuid / Rotterdam

Ofslach 28: nim de ôfslach rjochts nei Waterliniedok rjochting Nieuwegein

Ofslach 28: hâld rjochts oan nei Nieuwegein

Hâld links oan nei Waterliniedok

De namme fan de wei feroaret yn Prinses Beatrixsluis

De namme fan de wei feroaret yn Weg van de Binnenvaart

De namme fan de wei feroaret yn Wiersebrug

De namme fan de wei feroaret yn Graaf Florisweg

Sla linksôf nei 's-Gravenhoutseweg

De namme fan de wei feroaret yn Zandveldseweg

Sla linksôf nei Jachtmonde

Sla rjochtsôf nei Nijemonde

Oankomst op Nijemonde oan de linkerkant

Kommende fia de A2 fanút Amsterdam – reade rûte

Nim de ôfslach 10: nei rjochts nei Lekdijk West rjochting Nieuwegein-Zuid


Rotonde: nim de 2de ôfslach nei Lekdijk West rjochting Amsterdam / Nieuwegein / Utrecht

Hâld rjochts oan nei Zandveldseweg

Sla rjochtsôf nei Jachtmonde en sla fuortendaliks dêrnei rjochtsôf nei Nijemonde

Oankomst op Nijemonde oan de linkerkant

Foar it parkearen – sjoch it kaartsje hjirûnder: **blau** fanút it noardeasten – **read** fanút Amsterdam



Bygeande **Lêstbrief** graach ynfolje en - **ûndertekene troch de foarsitter en de skriuwer fan de Krite** - op syn lêst in wike foar de **Algemeine Gearkomste** stjoere nei de Bounskriuwer. Foech om yn de AG harren stim út te bringen hawwe allinnich dy twa troch it bestjoer oanwiisde lêstnimmers.

Wat húshâldlike saken:

Jou **foar 15 maart** troch oan de skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl :

- Namme, krite en wenplak fan wa't nei de AG komt;
- Wa't gebrûk makket fan de lunsj - mooglik spesjale dieet-winsken fermelde - kosten: € 15,00 d.p. Ofrekkenje op de dei sels by de Bouns-ponghâlder Jan Vogel
- Wa't nei de Moetings- en Ynspiraasjemiddei komt – gastsprekker: Sjirk Bruinsma, foarsitter fan De Fryske Beweging (foarhinne Ried fan de Fryske Beweging)
- Wa't nei it teaterprogramma mei 'Klún en Knoffelhakke' komt – kosten: € 10,00 d.p. Ofrekkenje op de dei sels by de krite-ponghâlder
- Wa't oan it jûnsmiel oanskood – kosten: € 22,50 d.p. Ofrekkenje op de dei sels by de krite-ponghâlder
- Konsumpsjemunten foar it middeis- en jûnsprogramma by de krite-ponghâlder foar € 3,00 it stik

Nim kontant jild mei

It Keninklik Frysk Boun om Utens en de krite ‘Mei Inoar Ien’ rekkenje fansels de hiele dei op jimme!

Fryske Krite ‘Mei Inoar Ien’ fan Utert-Seist nûget jimme spesjaal út om ek it teaterprogramma by te wenjen: kritebestjoeren, bring jim leden dêrom ek op ‘e hichte fan dit teäterbarren.

Foar elk leit in nammekaartsje klear. Foar de skriuwers fan de krite – it tal ledekaarten foar it nije winterskoft 2025/2026 leit dan ek foar jim klear om mei te nimmen.

NB. Ek in moaie gelegenheid en keapje by de skriuwer oarkonden foar de priis fan € 1,-- it stik foar dy leden, dy’t jim ris yn ‘t sintsje sette wolle.

IK BIN DE SINNE
YN DE SIMMER

DE SNIE
YN 'E WINTER

EN DE DRIP
DER'T DE MAITIID
FAN OER RINT

NO DO
EK NOCH

Loesje

POSTBUS 1045
6801 SA ARnhem

It Programma fan de dei:

- 10.00 oere Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de gastkrite ‘Mei Inoar Ien’ fan Utert-Seist mei in kopke kofje of tee en in stikje oranjekoeke;
- 10.30 oere Algemiene gearkomste;
- 12.20 oere Lunsj-skoft;
- 13.10 oere Moetings- en Ynspiraasjemiddei - ynliedder: Sjirk Bruinsma, foarsitter fan De Fryske Beweging;
- 14.40 oere Skoft;
- 15.00 oere Teäter-duo ‘Klún en Knoffelhakke’;
- 17.00 oere Dei ôfslute;
- 17.30 oere Foar wa’t wol: waarm/kâld buffet.

Wurklist 101ste Algemiene Gearkomste yn Nieuwegein

Wolkomswurd troch de foarsitter fan de gastkrite ‘Mei Inoar Ien’ fan Utert-Seist – frou Pietie Westdijk-Kaastra

1. Iepening AG troch de foarsitter fan it Keninklik Frysk Boun om Utens, de hear Jan Bijkerk.
2. Meidielingen en ynkommen stikken.
3. Oantekens fan de 100ste AG (siden 5 oant en mei 18).
4. Jierferslach skriuwer oer 2024 (siden 19 oant en mei 21).
5. Ferslach rekkenopnimbers oer 2024 (Lelystêd en Meppel) en beneamen nije rekkenopnimbers (Meppel en Swol) (side 22).
6. Finânsjes: (siden 22 en 23)
 - a. Jierrekken ponghâlder 2024.
 - b. Begrutting 2025.
7. Algemiene Gearkomste 2026 (side 23).
8. Toanielsaken: (siden 23 en 24).
 - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel).
9. Bestjoer: Bestjoersferkiezing – foarsitter Jan Bijkerk is reglemintêr ôfgeand en Kees van der Beek is tuskentiids ôfgeand. (siden 24).
10. Takomst KFBou - Belieds- en wurkplan 2025 – 2027 (siden 25 oant en mei 31).
11. Kontakt bestjoersleden mei de krite (side 32).
12. Moetings- en Ynspiraasje middei 2026 (ideeën) en ferslach fan 2024 (side 32 oant en mei 34).
13. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 34).
14. Promoasje Boun (side 34).
15. Nijsfoarsjenning nei de krite ta (side 35).
16. Folkshegeskoalle Schylgeralân (siden 35 en 36).
17. Wat fierder noch op it aljemint komt - omfregjen
18. Sluten fan de 101ste Algemiene Gearkomste

Ad 3 Oantekens fan de 100^{ste} AG fan “It Keninklik Frysk Boun om Utens” fan 16 maart 2024.

Wolkom troch Ludzer v.d. Schors, de foarsitter fan de gastkrite ‘Waling Dykstra’ fan Meppel. Ludzer hjit alle oanwêzigen tige wolkom yn Nijeveen yn Doarpssintrum De Schalle. De krite ‘Waling Dykstra’ fiert hjoed it 100-jierrich bestan en it is de 100e AG fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. “Moai dat wy

dat mei-inoar meimeitsje kinne”, seit Ludzer. Hjrnei jout er it wurd oan Jan Bijkerk, de foarsitter fan It Boun.

1. Iepening AG

Hjirûnder de folsleine iepeningstekst fan foarsitter Jan Bijkerk:

“Bêste minsken, wolkom op dizze 100-ste Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens, yn it bysûnder fansels ús eareleden, Sjoerd Bakker en Hâns Dijk. Stoffel Haagsma koe der spitichernôch net bywêze.

Ja, minsken, Keninklik, wa hie dat ea betinke kind. Ik wit noch dat Hâns Dijk my, al jierren lyn en doe mear foar de grap, sei: ‘Jan, wat soe it moai wêze dat it Boun, as it 100 jier bestiet, Keninklik wurde kin. No, dat hawwe wy goed yn ús earen knope en ik kin jimme sizze, der hawwe twa minsken tige drok mei west: Jan Bosgraaf mei it beskriuwen fan de skiednis en fansels Kees van der Beek. Kees hong om de moanne oan de telefoan mei gemeente Rijswijk om te hearen hoe de flage der by stie. Sy hawwe ús in hiele tiid yn it ûngewisse litten, mar ik ferwachtsje dat kommissaris Brok ús wol in hântsjje holpen hat.

En wy kinne fansels weromsjen op in hiele moaie dei yn it SIO yn Swol. In protte rûmte, in protte sealen en hiel aardich en behelpsum personiel fan it behear. Ja, en no op nei de 105 jier, want ik doar op dit stuit net al te fier foarút te sjen, litte wy it mar elke kear by 5 jier hâlde. Der komme hieltyd mear luden fan kriteren, dy’t it dreech ha – wol genôch leden, mar gjin bestjoersleden krije kinne – jammer!

Minsken, sa as jimme fan my gewoan binne, wol ik graach wer jimme in ferske foardrage. Ik bin drok oant sykjen west en kaam dizze kear in bysûnder âld ferske tsjin, noch yn hiel âld Frysk, guon wurden binne ek lêstich om út te sprekken, mar ik sil myn bêst dwaan.

It ferske is fan Joast Halbertsma (1789-1869). Joast wie ien fan de ferneamde Grouster bruorren Halbertsma, dy’t de ferhale- en dichtbondel ‘Rimen en teltsjes’ skreaun hawwe. Ien fan dy teksten yn de Rimen en teltsjes, is it troch Joast Halbertsma skreaune ferske ‘Fryslân’, nei alle gedachten bedoeld as Frysk folksliet. Uteinlik is ‘De âlde Friezen’, fan Joast syn broer Eeltsje, it offisjele Frysk folksliet wurden.

Fryslân

*Alle minsken binn' myn broárren,
Ind de hiele wrâld myn thuws.
Mar it bloed yn Frysce ieren,
Kruwpt nei Fries ind Fryslân ta,
Kruwpt nei Fries ind Fryslân ta.*

*Brabân, ha! Dyn snipp're famkes
Ind dyn bjirkes hien' myn hert.
Scoander lân as dou bloit nearne,
Mar uws Fryslân biste net;
't Trouwe Fryslân biste net.*

*Hearlik Hollân! Mei dyn stedden,
Moaye greften, jild ind rie:
Hwear scvoe 'k earne ljeáver weinje,
As er mar nin Fryslân wier,
As er mar nin Fryslân wier.*

*Gelderlân! Hjir op dyn bergen
Sjaen 'k Goads moaye wrâld yn 't roun.
O, gesichten! Ho forruklik
Is 't daer jinsen op 'e groun,
Is 't daer jinsen op 'e groun.*

*Frysce hert! Kensth' hjir noch grine?
Hert, myn hert ho stunesth' sa?
'k Bin fen't platte lân onwennich;
Och! ik moat nei Fryslân ta,
Och! Ik moat nei Fryslân ta*

*Ja, ik sjaen dy flakke weiden;
Karren stouwe oer de wei;*

*Feint ind faam nei merke jeye;
Floddere fleane efternei,
Floddere fleane efternei.*

*Fryslân! Fryslân! De lânsdouwe
Daer uws mem my witze het;
Daer ik boarte my de famkes;
O! dat lân forjit ik net;
O! dat lân forjit ik net!*

Wêrom no sa'n ferske yn it âld Frysk, sille jimme wol tinke. Hy kin it hast net iens útsprekke. Nee, no, dat sit sa, ik wol it de kommende 10 minuten mei jimme hawwe oer, jimme begripe it al, de Fryske Taal. Yn earste ynstânsje wol ik jimme meinimme nei it belied yn Nederlân oer it omgean mei in minderheidstaal, sa as it Frysk en dêrnei wol ik jimme graach fertelle, wat der troch de Fryske Akademy allegearre dien wurdt oan ûndersyk oer dy Fryske Taal.

De Fryske taal

Sa as jimme fansels wol witte, wolle de Ryksoerheid en de provinsje Fryslân de Fryske taal behâlde en befoarderje. Dêrom is it Frysk yn de wet erkend as in offisjele taal yn Fryslân. Ynwenners hawwe it rjocht yn guon situaasjes it Frysk te brûken. Bygelyks yn de rjochtbank of yn kontakt mei de gemeente. Mar net by de ING, sa as jimme wol heard ha, tink ik!! Ek ynwenners hawwe binnen de provinsje rjocht op it fak Frysk yn it ûnderwiis.

Ofspraken Ryksoerheid en provinsje Fryslân

De oerheid fynt it wichtich dat Friezen harren eigen taal brûke kinne en kultuer belibje kinne. Ryk en provinsje Fryslân meitsje ôfspraken oer it brûken fan de Fryske taal op bygelyks skoallen en yn de media. Dy ôfspraken steane yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023, hjir hawwe wy it wol ris faker oer hân. It ôfrûnjen fan 'e Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2024-2028 freget mear tiid, mar der is ôfsprutsen dat de besteande bestjoersôfspraak fan krêft bliuwt oant it ûndertekenjen fan de nije.

Frysk yn it ûnderwiis

Op skoallen yn de provinsje Fryslân folgje de bern it fak Frysk. Skoallen binne ferplichte om it Frysk as fak oan te bieden. Utsein as de provinsje Fryslân in skoalle tastimming jûn hat dat se it Frysk net oan hoege te bieden. Fierder meie Fryske skoallen it Frysk, neist it Nederlânsk, ek as fiertaal yn it ûnderwiis brûke. It fak Frysk kin in ûnderdiel wêze fan it eineksamenpakket foar learlingen yn it fuortset ûnderwiis

Undersyksaginda Fryske Akademy 2023-2027

De Fryske Akademy docht fûneminteel en tapast ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer. De Fryske Akademy is it wittenskiplike ûndersyksynstitút foar it Frysk, bewoartele yn de Fryske mienskip en operearjend yn de ynternasjonale akademyske wrâld.

De ûndersyksaginda kent inkelde spearpunten, it Aldfrysk, de leksikografy fan it Frysk en Frysk-Nederlânske spraaktechnology. Troch harren spesifike kennis op dy mêden witte kollega's harren te finen en sykje sy ek sels aktyf de gearwurking mei kollega's op regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal nivo.

Ien fan de kennisgebieten is 'Taal en meartaligens'.

By dit kennisgebiet draait it om de Fryske taal en de, oan it Frysk besibbe taalfariëteiten, lykas it Hylpersk, Stedfrysk, Skiermûntseagersk, Biltsk, ensfh. It giet binnen dit kennisgebiet sawol om de taal fan hjoed-de-dei as dy út it ferline en om sprutsen en skreaune taal. Dêrneist wurdt sjoen nei it Nederlânsk yn Fryslân en de ynfloed fan taalkontakt tusken it Nederlânsk en it Frysk.

*Under dit **kennisgebiet** hingje trije tema's: 'De meartalige mienskip', 'Taalfariaasje en taalferoaring' en 'Taaldeskripsje en standerdisearring'*

Earst wat oer it gebiet 'De meartalige mienskip'.

Fryslân is in meartalige provinsje dêr't neist it Frysk en it Nederlânsk, ferskate dialekten en migrantetalen sprutsen wurde. Yn dit ûndersykstema wurdt bestudearre hoe't de ynwenners fan Fryslân mei dy meartaligens omgeane. Mar der kin ek tocht wurde oan fragen lykas hoe't learkrêften yn 'e klasse it bêste it taalferskaat fan de learlingen in plak jaan kinne, of hoe't meartalich taalbelied derút sjocht. Der wurde ferskate eleminten fan oare talen yn it Frysk fûn en ek fan it

Aldfrysk yn it Nederlânsk fan no. Dy ferskynsels binne fansels tige nijsgjirrich om te bestudearjen, want dy ferklearje in soad oer it Frysk fan hjoed-de-dei.

Dan it twadde kennisgebiet ‘Taalfariaasje en -feroaring’.

Yn dit ûndersykstema wurdt de fariaasje yn it Frysk fan hjoed-de-dei en fan it ferline bestudearre. Ek bestudearje sy de taalfariaasje fan de oare yn Fryslân sprutsen en skreaune taalfariëteiten. Sy sjogge ûnder oaren nei hoe’t dy taalfariëteiten yn de rin fan de iuwen feroare en hoe’t de hjoeddeistige fariëteiten op dit stuit oan it feroarjen binne. Dit tema leveret in soad ynsichten op, benammen op it mêd fan de útspraak fan it Frysk, dy’t fuortendaliks tapasber binne yn moderne taalhelpmiddels.

It tredde tema is ‘Taaldeskripsje en standerdisearring’.

*Dit ûndersykstema giet oer it beskriuwen fan de Fryske taal yn sprutsen en skreaune foarm troch de tiid hinne: fan it Aldfrysk út de Midsiuwen oant it Frysk fan hjoed-de-dei. De Fryske Akademy is mei syn ûnderfining op it mêd fan leksikografy in foarbyld foar oare lytse talen yn de wrâld. Tsjintwurdich uteret de leksikografy him yn digitale wurdboeken sa’t dy op **Frysker.nl** beskikber binne foar elkenien. Hjir binne ek oare taalhelpmiddels te finen, lykas de automatische ‘Oersetter’ en de ‘Hifker’. Dy bruke jimme dochs ek wol ris!*

Ek spilet de Fryske Akademy in grutte rol yn de standerdisearring fan it Frysk. Dy standerdisearring hat ûnder oaren ta doel dat nije sprekkers de taal better leare kinne en taalbrûkers de mooglikheid krije om de taal better leare te behearskjen. It Aldfrysk wurdt yn dit ûndersykstema út taalkundich eachpunt wei bestudearre en beskreaun. Dizze âldste foarm fan it Frysk fine wy ûnder oaren werom yn wetsteksten út de Midsiuwen.

Taaldeskripsje is in taak dy’t nea klear is: taal feroaret altyd. De taak fan de Fryske Akademy is om te soargjen foar in aktuele beskriuwing fan it Frysk dy’t beskikber is foar oare (ek ynternasjonale) taalkundigen. De beskriuwing fan it Frysk omfettet algemiene skaaimerken fan ’e taal, mar ek skaaimerken fan it Frysk dy’t yn oare talen net foarkomme en dy’t it Frysk spesjaal meitsje.

Jim sille wol tinke, Jan makket hjir reklame foar de Fryske Akademy, no, dat is ek sa! Want wy moatte grutsk wêze op ús Fryske Taal en op de oanwêzichheid fan de Fryske Akademy.

It Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS) hat yn 2021 ûndersyk dien nei talen en dialekten yn Nederlân dêr't minsken yn frege is hokfoar taal oft sy thús it meast prate. Sa'n 40 persint fan de minsken yn Fryslân praat thús Frysk en der komt ek út dat it Frysk ûnder de jongerein libbet. Leefitiid liket gjin ynfloed te hawwen op it gebrûk fan it Frysk, de jongerein bliuwt Frysk praten.

Dêr't oare regionale talen yn ús lân in tebekgong sjogge ûnder jongelju, jildt dat foar it Frysk lang sa bot net. Neffens Goffe Jensma, earder heechlearaar Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins en fannemiddei sprekker op de Moetings- en Ynspiraasjemiddei, is dat in goed teken: "Dat de jongerein deselde persintaazjes hallet as de âlderein, lit sjen dat it Frysk libbet."

"Dy 40 persint is foar in minderheidstaal net beroerd, ik fyn dat in heech sifer", seit Jensma. Hy relativearret it persintaazje, om't by de berekking ek gebieten meinommen binne dy't fan âlds net Frysk prate. "Ast de Stellingwerven, It Bildt en de stêden derôf hellest, dan sitst miskien wol boppe de 50 persint."

No, mooglik dat wy fannemiddei der mear fan him oer hearre!

Bêste oanwêzigen, dan binne wy no oankaam by it sjongen fan it Frysk Folksliet, makke troch Eeltsje Halbertsma."

Hjirnei beslút Jan Bijkerk syn taspraak mei:

In Frysk Liet

*Ik bin fan 't frije Fryske bloed,
In soan fan Fryske grûn,
Bin oan dat lân, yn lok, yn noed,
Troch trouwe leafde bûn*

*En 'k min syn taal mei hiel myn hert,
De taal fan pake en fan heit,
Om 't uterjen yn wille en smert
Wat op it hert my leit.*

*'k Hab leaf dy grieden, Fryslân's rom,
Sa moai yn foarjierstiid;
Dêr socht ik d'earste pinksterblom,
Dêr boarte ik, bern, sa bliid.*

*'k Hab leaf dy famkes, gol en blier,
Mei eagen blau en klear,
Mei roazewangen, gouden hier
Sa binn's 'er earne mear!*

*Ik hâld fan d'âlde eable sin
Fan foarfaars dreech en stoer,
Ik hab ek noch har frijdomsmin
En dy jou ik net oer.*

*Ik bin fan 't frije Fryskê bloed,
En sjong it Fryskê liet;
Oan al myn lânslju rop ik lûd:
Bliuw Fries yn wurd en died!
Obe Postma.*

Hjirmei is de 100e AG fan it Keninklik Boun om Utens iepene.

2. Meidielings en Ynkommen stikken

Der binne 50 oanwêzigen, ynkl. it Bounsbestjoer. Fan de oansletten krite binne mei ôfberjocht de krite Assen en Twente net oanwêzich. Mar de krite Easterwâlde (oansletten by it Selskip 1844) is der wol en dêr is eltsenien tige mei ynnommen.

Ofberjocht is ûntfangen fan:

- Fryske Academy
- Kommissaris fan de Kening, de hear A. Brok

As húshâldlike meidieling freget Jan Bijkerk as der beswier is tsjin it op de hiemside fan It Boun setten fan foto's fan de AG en de MYM. Dat is der net. Sjoerdsje Bijkerk kin har gong gean.

Dan wurde steand de leden betocht dy't yn 2023 ferstoarn binne. Jan Bijkerk neamt noch Jaap Bakker, dy't yn novimber 2022 ferstoarn is, mar ferliene jier net neamd is.

Gerrita Otten seit dat it Frysk Diktee op 23-04-2024 hâlden wurdt; de opset dit jier is oars as it oer de útnoege groepen giet. Fansels kin eltsenien meidwaan oan de kwalifikaasje op de hiemside fan AFUK. Op 24-04-2024 komt it diktee yn in útstjoering fan Omrop Fryslân.

Neffens de skriuwer binne der gjin ynkommen stikken dy't behannele wurde moatte.

3. Oantekens fan de 99e AG fan 25-03-2023 (oer 2022)

3.1. Flaters yn de tekst fan It AMBYLD nr. 53

Neffens Sjoerd Bakker (krite Swol) moat oeral in jier by: 2022 moat wêze 2023 en 2023 moat 2024 wêze.

- Foarblêd: moat wêze: foarjiersmoanne 2024
- Side 3 – ledekaarten binne foar de jiergong 2024-2025
- Side 5 – oantekens fan de 99e AG oer 2022 fan 26 maart 2022 moat wêze: fan 26 maart 2023

De oantekens wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller, Gerrit Stegenga.

3.2. Nei oanlieding fan:

Der binne gjin opmerkings.

4. Jierferslach skriuwer oer 2023

Der binne gjin fragen oer. It ferslach wurdt fêststeld mei tank oan de opsteller, skriuwer Kees v.d. Beek.

5. Ferslach rekkenopnimbers oer 2023 (Hoarn en Hurderwyk) en beneamen nije rekkenopnimbers

Op de tafels leit in oanpasse tabel, dy't der kommen is nei oanlieding fan opmerkings fan de rekkenopnimbers.

Durk Reitsma (krite Hurderwyk) seit út namme fan de rekkenopnimbers dat hy noch net in antwurd krigen hat op de fragen dy't yn de gearkomste fan 2023 steld binne (dat gie deroer dat net alle kriterien in boekjier hawwe dat gelyk rint

mei it kalinderjier). Jan Vogel seit dat it bestjoer hjir oer neitocht hat, mar der gjin oplossing foar hat. En it is no ek gjin beswier; dêrom bliuwt it sa't it no is. Oer de rekkens fan 2023 seit de kommisje dat der in nije opset kaam is, dy't as gefolch hat dat der no mear ynsjoch yn de ynkomsten is (wêr komt it jild wei). Der is gjin kasjild en dêrmei ek gjin kontante betelmooglikheid. Dat levert 'fersmoarging' op troch krúsposten. It bestjoer sil neitinke oft dizze sitewaasje feroarje moat.

Fierder hat de kommisje gjin opmerkings. Durk Reitsma stelt út en jou it bestjoer désjarzje foar it bewâld. De gearkomste stimt yn mei applaus. Dat jildt yn it bysûnder foar de ponghâlder, Jan Vogel. De rekkenopnimmers foar 2024 wiene Hurderwyk en Lelystêd. Oanslettend freget Jan Vogel hokker kriterien de ledekaarten net mear brûke? Dat binne Utert-Seist, Boadegraven, Súdeast-Drinte (en Twente?). De oaren wolle noch wol graach de kaarten hawwe. Rekkenopnimmers foar 2025 (foar jierrekken 2024) binne Lelystêd en Meppel.

6. Finânsjes

6.1. Jierrekken ponghâlder 2023

Jan Bijkerk jout in taljochting. It jubileum is binnen de begrutting bleaun. Der binne gjin fragen oer de jierrekken. Dy wurdt fêststeld mei applaus foar de gearstaller.

6.2. Begrutting 2024

Der binne noch gjin soargen oer it tekoart. Omt der gjin toanielploegen mear binne, komt der ek gjin subsydzje fan IFAT mear. De begrutting wurdt fêststeld.

Goedkard en fêststeld yn de AG fan 16 maart 2024 yn Nijeveen en tekene troch foarsitter, Jan Bijkerk en skriuwer, Kees van der Beek.

7. Algemeine Gearkomste 2025

Der is no noch gjin animo om dizze dei mei te organisearjen. It bestjoer sil gega-digden hifikje: it soene de kriterien Assen (95 jier) of Twente (45 jier) wêze kinne.

8. Toanielsaken

Der binne no gjin toanielploegen mear aktyf yn de kriterien. Jan Bijkerk seit dat se it argyf fan IFAT opskjinne hawwe. Saken dy't bewarre bliuwe moasten, binne

oerdroegen oan Tresoar. IFAT hat in skinking dien fan € 1.500,- oan it jubileumfûns fan It Boun.

IepenDoEk, de nije organisaasje foar toaniel yn Fryslân, smyt neat op. Jan wol der eins gjin enerzjy mear yn stekke. Der binne gjin fragen oer dit punt.

9. Bestjoer

It roaster fan ôfgean dat fêststeld is, jout oan dat ôftredend binne:

- 2024: Gerrit Stegenga en Jan Vogel;
- 2025: Jan Bijkerk.

Dit jier binne Gerrit Stegenga en Jan Vogel reglemintêr oan bar om ôf te gean. Gerrit hat sûnt 2012 in sit yn it bestjoer – Jan sûnt 2016. Gerrit hat te kennen jûn net wer foar in skoft fan 4 jier beskikber te wêzen; Jan seit ta, dat hy de kommende 4 jier wol wer ynhiere wurde kin. Sa as earder al oanjûn, hat Hylke de Haan yn april 2023 betanke as lid fan it Bounsbestjoer. Hylke wurdt betanke foar de jierren, dat hy syn ynbring hân hat yn it FBoU. It noch sittende bestjoer tinkt, dat men mei it tal minsken dat no it bestjoer foarmet fan it KFBou, it wurk wol oprêde kin – der wurdt dan ek gjin ferfanging socht foar Hylke.

Der binne fanút de krite gjin nije kandidaten by de skriuwer oandroegen. It bestjoer docht it útstel om Jan Vogel wer foar 4 jier yn te hieren en op foardracht fan it bestjoer nij te beneamen: Luit Dijk fan Lelystêd en Piet Bloemsma fan Utert-Seist.

Sjoerd Bakker (krite Swol) freget hoe of dit rimet mei de opmerking dat de fakatuere fan Hylke de Haan net opfold wurde hoecht. Jan Bijkerk seit dat omt der no twa nije minsken oanjûn hawwe in sit yn it bestjoer hawwe te wollen, de kâns om it bestjoer wer op folle sterkte te krijen, net oer gean moat. Dêrom dochs ek de fakatuere fan Hylke de Haan ynfolje. De gearkomste stimt mei applaus yn mei de útstellen.

Gerrit Stegenga krijt in bosk blommen foar syn wurk yn it bestjoer. As tank mei er foar dizze AG de oantekens noch meitsje.

Luit Dijk en Piet Bloemsma stelle harren koart foar oan de gearkomste. Luit komt fan Jirnsum en Piet fan Grou. Ek foar dizze mannen is der in bosk blommen ta wolkom.

10. Kontakt bestjoersleden mei de krite

Yn it bestjoer fan It Keninklik Frysk Boun om Utens is al jierren de ôfspraak, dat se op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de krite bûten Fryslân. Op 't stuit binne der 12 krite oansletten by It Boun en 1 is net oansletten. Yn it bestjoer binne ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker krite kontakt ûnderhâlde sil. Mar, wat hâldt soks no yn? Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounsbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden kin it kontakt-bestjoerslid fan it Boun ris útneoege wurde foar in bestjoersgearkomst of in krite middei/-jûn.

It riden en farren fan de krite giet it bestjoer, dat mei dúdlik wêze, oan it hert! Op de webside is te finen hokker bestjoerslid by hokker krite kontaktpersoan is. Dêr sil, no't de gearstalling fan it bestjoer wiziget, feroaring yn komme.

11. Moetings- en Ynspiraasjemiddei 2025

Der binne gjin opmerkings oer it ferslach fan de MYM fan 2023. As ûnderwerp foar 2025 neamt it bestjoer it 'Agrarisch Natuurfonds', mei in lêzing oer 'Gruttolân'. Der lizze al kontakten mei it Fûns. Jan Piet Bergmans (krite Utert-Seist) neamt 'Holwert oan see' en Bontsje Vogel (krite Hoarn) neamt 'Vogels kun je niet melken'. Dizze lêste hat ek te krijen mei it al neamde Natuurfûns. Fansels binne noch mear gaadlike ûnderwerpen wolkom by it bestjoer. Der sil oan wurke wurde.

12. Mediasaken/Omrop Fryslân

In wiidweidich ferslach is troch Jan Piet Bergmans oandroegen en stiet yn it Ambyld. Jan Piet jout oan dat de planning wol ferskewe kin troch de foarming fan in nei regear. Fierders tinkt Jan Piet dat it stik yn it Ambyld by punt 13 foar in part itselde is as wat hy skreaun hat. Faaks ferkeard 'knipt en plakt'? Der binne gjin fragen oer it stik fan Jan Piet. Hy wurdt betanke foar syn bydrage.

13. Ried fan de Fryske Beweging

Nynke Beetstra jout taljochting op wat yn it Ambyld stiet. Mei de komst fan in nije rjochter hopet de RfFB dat der mear omtinken komt foar it Frysk yn de rjochtsseal.

Der is ek in nije foarsitter foar de Ried, dy't ek op de fernijingstoer giet. Der komt

in nij logo en in nije namme: De Fryske Beweging. It bestjoer ferjonget en dat is in goede saak.

14. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

a) It Keninklik Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.

b) Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside: www.fryskbutenfryslan.frl .

c) It trochjaan fan krite-aktiviteiten. De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk, Ida Knobbe-Kramer en Kees van der Beek:

skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl / www.fryskbutenfryslan.frl

Kees v.d. Beek freget om alle krite-aktiviteiten troch te jaan oan de Bounsskriuwer, sadat dy op de webside fan it Boun opnommen wurde kinne.

15. Nijsfoarsjenning nei de kriteren ta

Kees v.d. Beek seit dat de ynfomap opskjinne is. Dit is de lêste kear dat it bard is. It docht bliken dat der net safolle gebrûk makke wurdt fan de ynfomap, en boppedat kin elkenien op ynternet alles sels ek opsykje. De gearkomste fynt de hjoeddeiske ynfo-foarsjenning genôch.

16. Studinteferienings

Op it jubileumfeest fan it Boun op 16 septimber 2023 wienen 2 froulju fan de Studinteferiening fan Wageningen (WSSFS) oanwêzich. Sy hawwe yn harren studintebled ferslach dien fan de dei yn Swol. De feriening Bernlef (Grins) stjoert harren blêd 'De Harpe'; fierders is der gjin kontakt mei. It docht bliken dat Romke Egberts (krite Meppel) kontakt hat mei Bernlef. Hy jout eftergrûnynformaasje oer de aktiviteiten fan dizze feriening. Nynke Beetstra (RFfB) seit dat der in Federaasje Fryske Studinteferienings is, dêr't de Ried by oansletten is. Dy federaasje is tige aktyf. Faaks kin it Boun hjir ek kontakt mei sykje. Fryske studinteferienings binne Bernlef, Ald Gilles en de WSSFS út Wageningen.

17. Folkshegeskuolle Schylgeralân

It docht bliken dat Sjoerd en Riemke Bakker (krite Swol) noch hieltyd aktyf binne yn de saneamde putsjewike. Piet Bloemsma (krite Utert-Seist) freget nei de relaasje tusken de Folkshegeskoalle en it Boun. Dy is ynformeel en ûntstie trochdat der kontakten kamen nei oanlieding fan in kursus yn 2007 dy't op de Folkshegeskoalle jûn waard. De bedoeling wie om wat 'jong bloed' yn de putsjewike (earst putsjewykein) te bringen. Dat is slagge yn 2008 en no giet dat noch hieltyd troch. Foar ynformaasje: info@folkshegeskoalle.nl.

Webside: www.folkshegeskoalle.frl.

It adres: Folkshegeskoalle Schylgeralân, Badwei Hoarne 11 8896 KC Hoarne Skylge; tillefoan: 0562 – 448954.

18. Wat fierder noch op it aljemint komt

Kees v.d. Beek seit dat de krite Hurderwyk ophâldt. De kleedsjes fan de krite wurde oerdroegen oan it Boun. De krite Súdeast-Drinte stiet ek op it punt fan ophâlden.

19. Omfregjen

Riemke Bakker (krite Swol) freget hoe't it komt dat der by it Boun 12 kriteren oansletten binne, mar yn it bûsboekje mear steane? Dat komt omt it bûsboekje net aktueel is. Kees v.d. Beek sil de redaksje fan it bûsboekje nochris ynseine mei de kreative gegevens.

20. Sluten fan de 100^e Algemiene Gearkomste

Jan Bijkerk slút de gearkomste mei tank oan de oanwêzigen foar de ynbring en de gastkrite Meppel foar de prima fersoarging. Nei it skoft begjint de Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei gastsprekkers prof. Goffe Jensma, Abe de Vries en Waling Dijkstra.

Gerrit Stegenga, maart 2024

Ad 4 Jierferslach 2024 fan de Bounsskriuwer

It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde krite hawwe sit yn it bestjoer:

- Jan Bijkerk Lelystêd : foarsitter
 - Kees van der Beek Hurderwyk : skriuwer
 - Gerrita Otten-Onrust Utert-Seist : 2e skriuwer
 - Jan Vogel Hoarn : ponghâlder
 - Luit Dijk Lelystêd : lid algemien
 - Piet Bloemsma Utert-Seist : lid algemien
- Mediasaken/Omrop Fryslân, kontaktpersoan foar it bestjoer: Jan Piet Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl
 - Jan Bijkerk en Gerrita Otten wienen mei ús âld-foarsitter en earelid Hâns Dijk (oant syn ferstjerren) fertsjintwurdige west nei it IFAT. Nei de AG hat Piet Bloemsma it plak fan Gerrita oernommen
 - Kees van der Beek en Piet Bloemsma wienen fertsjintwurdige nei de gearkomste fan (de Ried fan) de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2024 gear west foar:

- 14 febrewaris : KFBou-bestjoersoerlis
- 5 maart : Oerlis mei it bestjoer krite Meppel
- 6 maart : KFBou-bestjoersoerlis - fia SKYPE
- 9 maart : Ofslútmiddei krite Hurderwyk
- 16 maart : AG en MYM yn Nijeveen
- 17 april : KFBou-bestjoersoerlis
- 29 juny : Bewegingsdei Fryske Beweging – Ljouwert
- 17 septimber : Utrikking 50e Bûsboekje en fiering 65-jierrich bestean fan it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD – Ljouwert)
- 16 oktober : KFBou-bestjoersoerlis
- 31 oktober : Oerlis mei behear 't Veerhuis – Nieuwegein
- 4 novimber : Oerlis IFAT
- 10 desimber : KFBou-bestjoersoerlis

Eareleden

De list mei eareleden fan it Boun sjocht der sa út:

- Stoffel Haagsma fan De Gordyk;
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalfsen;

- Hâns Dijk fan Boadegraven. Hy is op 26 juny 2024 ferstoarn. De betinkingspeech stiet op de siden 37 en 38.

Oansletten krite en de ledetallen

Mei 12 krite (Apeldoarn, Assen, Súdeast - Drinte, Boadegraven, Hilversum, Hoarn, Hurderwyk, Lelystêd, Meppel, Swol, Twente en Utert-Seist) gongen wy it jier 2024 yn mei 969 kriteleden. Spitigernôch koe it bestjoer fan de krite 'Meiinoar len' fan Hurderwyk yn de rin fan it jier gjin ferfangning mear fine foar sawol foarsitter, skriuwer as ponghâlder. Mei noch in lytse 80 leden is der nei 45 jier yn april in ein oan it krite-libben yn Hurderwyk en omkrite kaam, ivich sûnde fansels. Oan de ein fan it jier 2024 wienen der noch 11 krite mei 845 leden.

Bylage I (side 39) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 1 febrewaris 2025.

Foar it oersjoch fan de ledetallen en de stiftingsjierren ferwize wy nei bylage II (side 40).

E-mailstipers

Yn it ramt fan PLAN23 is it mooglyk makke e-mailstiper fan it Boun te wurden. Oan it begjin fan 2024 wiene der rom 120 e-mailstipers. Sels út Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje binne der e-mailstipers. Oan de ein fan 2024 stie de teller op 116.

Krite-aktiviteiten

Wat aktiviteiten oanbelanget, is 2024 net in bysûnder jier west.

De krite koene wer 'gewoan' gearkomme. Nei de koroana-jierren hat it bêst lang duorre ear't men it wer oandoarde om inoar te moetsjen. Begryplik hawwe in soad krite harren programma-aktiviteiten nei de middei ferhuze. De measte kriteleden hawwe muoite mei de jûntiid. Mannichien wol net mear by tsjuster noch fan hûs.

It kritelibben en har takomst

It tebekrinnen fan it ledetal by de krite wie bekend: âlde leden, dy't der by weifalle en suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de krite dogge alle war om elk winterskoft wer in programma foar de leden op priemmen te setten. It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kritelibben: alle lof dêrfoar!

Selskippen fan bytiden wit hoe fier, komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net lang folhâlde. Dan wurdt it programma al gau skraler of minder oantreklik en bliuwe de leden wei. Wêr hâldt dit op?

It Bounsbestjoer hat him beriede oer dizze situaasje. Der is in beliedsútstel opmakke, it Belieds- en wurkplan 2025-2027. It is oan ús allegear om ûnder eagen te sjen hoe't de

flagge der op it stuit by hinget. Mar mear noch: hoe gean wy fierder? Hat it kritelibben noch takomst? Hat it KFBou noch rjocht fan bestean?

By punt 10 fan de wurklist komt it oan 'e oarder. Wy heare graach, wat jim idee is!

AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming - Privacy

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, binne we ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens wy fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa't dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de krite-skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- Emailadres



Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. Allinnich de gegevens om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken wurde brûkt. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean.

De Fryske Beweging

Kees van der Beek en Piet Bloemsma binne út namme fan It Boun fertsjintwurdigers nei De Fryske Beweging.

De Fryske Beweging is it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selkippen en organisaasjes, dy't harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien.

De Beweging is de organisaasje dy't wat dat oanbelanget yn Fryslân de finger oan 'e pols hâldt en sa nedich dêr de diskusje oer oangiet mei de ferantwurdlike oerheden, maatskiplike organisaasjes en it bedriuwslibben.

De Beweging wol der ta bydrage dat de polityk net om it Frysk hinne kin. En noch altiten blykt it noadich, dat sy de lju yn De Haach oanfiterje moat om rekken te hâlden mei de Twadde Rykstaal - sjoch mar ris op de webside www.defryskebeweging.frl en/of <https://goeie.frl>



Omrop Fryslân

Jan Piet Bergmans, kontaktpersoan foar de mediasaken fan it Boun, sil de stân fan saken by punt 13 fan de wurklist jaan (side 34).

Ta beslút

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is.
Wy hope dat it kommende kritejier foar sawol de krite as foar de kriteleden in sûn jier wêze sil mei gewoan wer in soad nocht en wille.

Kees van der Beek, skriuwer

Ad 5 Ferslach Rekkenopnimmers oer de sifers en begrutting fan 2024/2025:

Fertsjinwurdigers fan krite Lelystêd en Meppel dogge ferslach.

Ad 6 Finânsjes

REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2024 en BEGRUTTING 2025

| BATEN | Begrutting 2024 | Rekken 2024 | Begrutting 2025 | LESTEN | Begrutting 2024 | Rekken 2024 | Begrutting 2025 |
|-----------------------------|-------------------|-------------------|-------------------|-------------------------|-------------------|-------------------|-------------------|
| Ynlagen krite | € 450,00 | € 491,00 | € 400,00 | Feriening en bestjoer | € 450,00 | € 1.519,58 | € 1.100,00 |
| Bydragen publisiteitskosten | € 180,00 | € 180,00 | € 135,00 | Publisiteit | € 150,00 | € 181,38 | € 200,00 |
| Rintes | € 50,00 | € 190,48 | € 50,00 | AG en M&Y dei | € 1.000,00 | € 1.457,50 | € 1.500,00 |
| Ferkeap boeken | | € 368,64 | | Kontribúsjes en stipen | € 75,00 | € 60,00 | € 60,00 |
| Bydrage AG en M&Y | € 500,00 | € 520,00 | € 500,00 | Bankkosten | € 150,00 | € 278,75 | € 350,00 |
| Jeften | | € 204,77 | | | | | |
| Subsydzje IFAT | | € 2.050,00 | | | | | |
| | | | | | | | |
| | | | | | | | |
| Tekoart | € 645,00 | | € 2.125,00 | Oerskot | | € 507,68 | |
| BATEN mei-inoar | € 1.825,00 | € 4.004,89 | € 3.210,00 | LESTEN mei-inoar | € 1.825,00 | € 4.004,89 | € 3.210,00 |

BALANS 31 DESIMBER 2024

| DEBET | 31 des. 23 | 31 des. 24 | KREDIT | 31 des. 23 | 31 des. 24 |
|-------------------------------|--------------------|--------------------|-------------------------------|--------------------|--------------------|
| ING Saaklik gewoan | € 2.635,70 | € 102,90 | Kapitaal / reserve | € 13.979,33 | € 14.487,01 |
| ING Sparrekken | € 11.218,63 | € 12.228,65 | | | |
| Jub. 100 jier - adfertinsje | € 125,00 | | | | |
| | | | | | |
| Betelle yn 2025 | | | Noch te beteljen | | |
| Rinte 2024 ING Sparrekken | | € 180,46 | Ledekaarten 2024-2025 | | € 75,00 |
| Subsydzje IFAT | | € 2.050,00 | | | |
| | | | | | |
| BALANSTOTAAL mei-inoar | € 13.979,33 | € 14.562,01 | BALANSTOTAAL mei-inoar | € 13.979,33 | € 14.562,01 |

Taljochting op de REKKEN fan Baten en Lesten oer 2024

Wy hawwe in oerskot fan € 507,68. Dit komt diels troch de bankkosten mar ek troch it ûntfangen fan subsydzjeld út 2024 yn febrewaris 2025. Omdat it yn 2025 is ûntfongen, is dit jild boekt as foardering op de balâns en wurdt it ek meiteld in de baten fan 2024. De bestjoerskosten wienen dit jier heger dan begrutte troch iendiels in grutter oantal bestjoersleden as yn 2023 en dêrtroch mear kilometerfergoedings en oan de oare kant wienen der ek noch kosten út 2023 dy't hjir meinommen binne.

Taljochting op de begrutting 2025

Wy hawwe in begrutte tekoart fan € 2125,=. Der is foar 2025 wer sybsydze oanfrege by it IFAT (€ 3.500, = jierlikse algemiene bydrage en € 5.000,= ekstra foar Frysk toaniel by de kriteren). As dit takend wurdt, ha wy in oerskot. Dit is yn't gehiel net seker, want ek de provinsje is flink oan't besúnigjen. Kosten fan publisiteit wurde heger, wylsts de ynkomsten tebek rinne troch minder kriteren. Ek de ynlage fan de kriteren wurdt minder, om't it ledetal tebek rint.

Taljochting op de balâns

Begjin jannewaris 2025 waard rom € 180,00 oan rinte op de sparrekken byskreaun. Wy moatte de printkosten fan de ledekaarten noch betelje. Hjir is ek de subsydze fan 2024 fan € 2.050,00 dy't wy yn febrewaris 2025 ûntfongen ha, boekt. Dêrtroch binne wy sa'n lytse € 600,00 foarút buorke.



Blokker, febrewaris 2025
Ponghâlder Jan Vogel

Ad 7. Algemiene Gearkomste 2026

De Algemiene Gearkomste yn 2026 sil holden wurde op 28 maart. Hokker krite wol op dizze datum gastkrite wêze? Yn 2026 bestiet Apeldoarn 125 jier (!), Hoarn bestiet 115 jier, Boadegraven bestiet 80 jier en Lelystêd bestiet 55 jier.

Ad 8 Toanielsaken

Foar toanielselskippen binne de Kriteren oanwiisd op selskippen út Fryslân.

De subsydze fan de Provinsje Fryslân soe yn 2024 ophâlde, mar dochs hawwe sy ús frege om foar 2025 wer oan te freegjen. It bestjoer hat dan ek fia it IFAT foar it jier 2025 subsydze oanfrege by de provinsje Fryslân (€ 3.500,00 as jierlikse algemiene bydrage en € 5.000,00 spesjaal foar it spyljen fan toaniel bûten Fryslân).

Dizze toanielsubsydze soe dan nei de toanielselskippen gean dy't foar ús, as kriteren om utens, spylje. Dêrtroch soene ús kosten foar sa'n selkip in stik minder heech wurde kinne. Yn de rin fan 2025 wurdt it antwurd fan de provinsje ferwachte.

'It Frysk Amateur Toaniel' - IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- FBOU – Frysk Boun om Utens

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT wie it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn, as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besike dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzje-wykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toaniel-omballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subysdzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak 'Fryske Taal en Kultuer'. IFAT behertiget de belangen fan de oansletten organisaasjes, benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subysdzjebarren.

IFAT: “De takomst fan it Frysk binne wy sels!”

Foar it KFBou hawwe sit yn IFAT: foarsitter Jan Bijkerk en bestjoerslid Piet Bloemsma.



Ad 9. Bestjoersgearstalling

It roaster fan ôfgean sa't it bestjoer dat fêststeld hat is:

- 2025: Jan Bijkerk,
- 2026: Kees van der Beek
- 2027: Gerrita Otten-Onrust en Piet Bloemsma
- 2028: Jan Vogel en Luit Dijk

Dit jier is Jan Bijkerk reglemintêr oan bar om ôf te gean. Jan hat te kennen jûn wer foar 4 jier beskikber te wêzen, mar hat oanjûn dat dit dan wol de lêste 4 jier binne.

Skriuwer Kees van der Beek hâldt om persoanlike reden der tuskentiids mei op. Foar ús Bounsskriuwer hawwe wy op dit stuit noch gjin ferfanger. Yn it bestjoer wurde ôfspraken makke oer de ferdieling fan syn taken en der sil in nije skriuwer/skriuwster oanwiisd wurde.

It bestjoer ropt alle kritebestjoeren op om mei (tsjin-)kandidaten te kommen foar beide fakatueres. Soks alhiel yn oerienstimming mei it Húshâldlik Reglemint fan it Boun.

Komme dy net foar 1 maart 2025 binnen by de skriuwer fan it Boun, dan docht it bestjoer it útstel om Jan Bijkerk as foarsitter wer yn te hieren foar 4 jier.

Tsjinkandidaten maile nei skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl.

Wy wolle der op wize, dat it gjin fereaske is, dat Bouns-bestjoersleden teffens bestjoerslid fan in krite wêze moatte.

Ad 10. Takomst KFBou - beliedsútstel

| | |
|-----------------|---|
| Foar: | De Algemiene Gearkomste fan it KFBou op 29 maart 2025 |
| Fan: | It bestjoer fan it KFBou |
| Betref: | Belieds-en wurkplan 2025-2027 |
| Doel en status: | As foarstel besprekke yn de Algemiene Gearkomste |
| Foarstel: | As Algemiene Gearkomste it stik fêststelle |

Oanlieding

Yn de Algemiene Gearkomste (AG) fan 16 maart 2024 is frege nei it belied fan it Boun foar de takomst. It bestjoer hat doe tasein him dêr yn 2024 op beriede te sille en mei in foarstel te kommen. It foarstel wurdt hjirby oan de AG foarlein.

Foarôf

It belieds- en wurkplan 2025-2027 heart sa folle mooglik in stik te wêzen dat flot te lêzen en te begripen is en dat praktysk goed brûkber is. Mar de foarstellen moatte wol in goed fundamint ha. It bestjoer hat keazen foar de folgjende opset:

- Doel en beskriuwing fan it fraachstik (side 26);
- Utgongspunten foar it Belieds- en wurkplan 2025 – 2027 (side 28);
- Taken en aksjepunten foar it Beliedsplan 2025 - 2027 (side 29);
- Bylage 1 mei basisynformaasje oer 100 jier KFBou (side 30);
- Bylage 2 mei basisynformaasje oer sosjale ûntwikkelingen en gefolgen (side 31);
Yn de bylagen wurdt foar mear ynformaasje noch ferwiisd nei it jubileumboek 'It djippe wêzen fan de Friezen om ústens' (2023) en nei 'Friezen yn 'e Frjemdte' (2011).

Wurkwize

By it behanneljen fan it stik wol it bestjoer graach antwurden op de fjouwer hjirnei stelde fragen. Alle ynfo yn de twa bylagen is bekende matearje en stiet net der diskusje.

- Kin de gearkomste him fine yn de skets fan de situaasje en fan it fraachstik?
- Kin de gearkomste him fine yn de útgongspunten foar it foarstelde belied?
- Kin de gearkomste him fine yn de foarstelde taken en aksjes yn it wurkplan?

- Kin de gearkomste ynstimme mei it foarstelde Belieds- en wurkplan 2025-2027?

Foarstel foar it gefal de gearkomste ynstemt mei Belieds- en wurkplan 2025-2027.

It bestjoer stelt de AG út om in wurkgroep 'Takomst' te foarmjen, dy't mei it bestjoer de plannen, neamt yn punt 7 fan de aksjepunten, fierder útwurket.

Beliedsstik foar takomst KFBou

Doelen

- In helder byld jaan fan de hjoeddeiske situaasje fan de krite en it Boun;
- In útspraak dwaan oer de te ferwachtsjen takomst fan de krite en it Boun;
- Op grûn fan it takomstbyld in beliedsplan en wurkplan meitsje foar de kommende trije jier (belieds- en wurkplan 2025-2027).

Oanlieding

Yn de Algemiene Gearkomste fan 16 maart 2024 is de opmerking makke, dat der gjin takomstplan leit foar it Boun, wylst de ûntwikkelingen sadanich binne, dat de takomst fan de krite - en dêrmei fan it Boun - ûnder druk stiet. Dy takomst wurdt ûnwis. De fraach waard steld, of der ek in plan foar de takomst komme moat. It bestjoer hat oan de gearkomste tasein, dat it bestjoer dêroer neitinke sil en mei in foarstel komme sil.

Situaasje anno 2025

Leden

It byld fan de krite en it KFBou is anno 1 jannewaris 2025, dat der noch 11 krite binne dy't mei-inoar 845 leden hawwe. Fierder tebek rinnen fan de ledetallen liket net te kearen. De ledebestannen fan de krite binne sterk fergrize en nimme bliuwend ôf. Der binne gjin reële foarútsichten op nije oanwas fan leden. Fan in oantal (3) krite is bekend, dat sy oerwaagje om der meikoarten mei op te hâlden. Dat betsjut in tebekrinnen fan nochris sa'n 200 leden.

Aktiviteiten

It aktiviteitepatroan fan krite is flink feroare as gefolch fan minder finansjele mooglikheden, hegere kosten en de feroaring fan ferlet en oanbod. Hieltyd minder grutte (toaniel)jûnen en folle faker lytse aktiviteiten. Jûnsaktiviteiten gean oer yn middeis-aktiviteiten. De besikers bestean by de measte krite út in frij lytse, trouwe kearngroep. De kriteblêden drage it meast by oan de ferbining.

Takomst

Ut opfongen lûden en petearen is dúdlik wurden, dat it sawol de bestjoeren fan de krite

as it Bounsbestjoer dúdlik is, dat nei jierren fan probearjen dizze spitige, mar ferklearbere ûntwikkelingen net te kearen lykje. Sjoch foar oarsaken en gefolgen bylage 2. Dêrtroch is it fuortbestean fan de kriteren en dêrmei fan it Boun yn de kommende jierren ûnwis. Dat liedt ta de fraach hoe hjir as kriteren en Boun mei om te gean en hoe no fierder te hanneljen.

Wat kenmerket de Friezen om ústens hjoed-de-dei?

Foar it jaan fan antwurden op de fraach hoe as kriteren en Boun om te gean mei alle feroaringen en mei it sombere takomstbyld, is it nedich foaral te sjen nei wat de Friezen om utens hjoed-de-dei en de kommende jierren kenmerket, wat harren ferbynt en wat harren ferlet is. Op grûn fan hearen en sizzen, fan ûnderfinings binnen de kriteren en fan ûndersiken fanút Fryslân bestiet dêroer de folgjende yndruk:

- Der is wurdearring en leafde foar de Fryske taal;
- Der is wurdearring foar it Fryske lân as bertegrûn en as moai lânskip;
- Der is wurdearring foar de Fryske mienskip en mentaliteit;
- Der is wurdearring foar in grut tal Fryske kultuerfoarmen en dêrby hearrende aktiviteiten;
- Fanút de wurdearring is der it grutsk wêzen/fielen op it Frysk wêzen (in waarm hert hawwe foar Fryslân en it Frysk).

It liket der op, dat dizze wurdearring en grutskens wol frij algemien field wurdt, mar gjin mienskiplik ferlet jout. Friezen om utens fine it faaks noflik om it Frysk ris tsjin te kommen en ‘dogge en belibje’ it fierder alhiel nei eigen sin en ferlet. En dêrby brûke se, elts op eigen wize, it grutte ferskaat oan mooglikheden om Fryslân, de Fryske taal, de Fryske kultuer en de Fryske mienskip te sykjen, te finen en te berikken. Yn harren omjouwing wurdt net langer merkber mear socht en roppen om ferbining mei Friezen, om ferdivedaasje yn it Frysk, om kriteren fan en foar Friezen om utens.

Wat betsjut dit foar de takomst fan de Fryske kriteren en it KFBou?

Fanút belibbe nocht en wearde fan alles wat de Fryske kriteren dien ha yn de ôfrûne 100 jier, fielt it frjemd en teloarstellend en docht it ek wol wat sear om te sjen, dat it kriterlibben fan de Friezen om utens gjin duorsume takomst mear liket te hawwen en meikoarten sels liket op te hâlden te bestean. Mar wa hjoed-de-dei goed om him/har hinne sjocht en fernimt, dat der gjin rop mear is fan Friezen om utens om aktiviteiten fan ferbining en ferdivedaasje, kin eins allinne mar konkludearje, dat der sawat gjin ferlet mear is om dêr as kriteren yn te foarsjen.

len en oar hat ta gefolch dat der meikoarten mooglik gjin betsjutting en dus gjin takomst mear is foar kriteren en foar it Boun, yn elts gefal net op grûn fan ús histoaryske besteansrjocht. Bliuwt oer de winsk dy der mooglik yn Fryslân is en bliuwt, om it Frysk yn

al syn foarmen en ferskiningsen breed út te dragen, ek bûten Fryslân. It Boun hat him dêr ek altyd aktyf foar ynset. De fraach komt op, of it Boun dêryn aktyf bliuwe wol, bliuwe moat en bliuwe kin.

Dizze ûntwikkelingsen freegje om bystelde plannen foar de tiid dy't it kritelibben fan de Friezen om utens noch hat. It foarlizzende belieds- en wurkplan 2025-2027 foarsjocht dêryn.

Belieds- en wurkplan 2025-2027

Utgongspunten foar belied

Op grûn fan alle ûnderkende ûntwikkelingsen en konstatareingsen wol it bestjoer yn it kommende tiidrek útgean fan de folgjende útgongspunten foar it belied:

1. It is net reëel om te tinken en út te gean fan it idee dat de hjoeddeiske generaasjes fan Friezen om utens meikoarten mei nije ympulsen en ferlet komme, dy't de noch besteande Fryske kriterien en it Keninklik Frysk Boun om Utens in sûne, betsjuttingsfolle en duorsomme takomst jouwe sille.
2. It is yn reedlikheid te ferwachtsjen, dat sawat alle kriterien sa as dy hjoed-de-dei noch bestean en funksjonearje, yn de kommende 10 jier, fanwege te min leden, te min jild en/of net genôch bestjoerskrêft, te meitsjen krije mei de fraach of sy noch langer bestean kinne.
3. As alle kriterien opholden binne te bestean, is der, mei it karbrief yn de hân, foar it Keninklik Frysk Boun om Utens gjin basis mear foar in fierder bestean.
4. It is mooglik, dat it yn de kommende jierren op ien of oare manier bliken docht, dat der fanút de Friezen om utens of fanút Fryslân (provinsje, Fryske organisaasjes foar bepleiting en stimulearing) ferlet is fan in organisaasje dy't har ynset foar de Friezen om utens yn it algemien en foar it útdragen bûten Fryslân fan de Fryske taal en de Fryske kultuer. Yn dy situaasje is it Boun, fanút oanwêzige kennis en ûnderfining, beskikber om dêr mei belanghebbenden oer te praten, ek oer in mooglike rol (yn hokker foarm dan ek) fan it Boun of fan de minsken, dy by it Boun warber en/of belutsen binne.

Wurkplan 2025-2027

Taken en aksjes

Utgeande fan boppesteande útgongspunten foar it belied sil it Boun him yn it tiidrek 2025-2027 foaral rjochtsje op de folgjende taken en aksjes:.

1. Ynsette op behâld fan wat noch mooglik en libbensfetber is.
2. Ynsette op behâld en fersterking fan entûsjasme en organisaasje krêft bij de kriteren.
3. Stimulearje fan gearwurking troch kriteren om mei-inoar mear en langer mooglikheden foar aktiviteiten te hâlden.
4. Mei-inoar gearwurkje (Boun en kriteren) om mei stipe (bygelyks subsydje) fan de provinsje Fryslân gruttere (teater- en muzyk)foarstellingen of oare eveneminten bûten Fryslân mooglik te meitsjen.
5. Bystean fan kriteren dy't dêrom freegje by it neitinken en beslúten oer *'trochgean as opheffe en hoe dan?'*
6. Yn stân hâlde en behearje fan de besteande fraachbaak-funksje fan it Boun. Mei de webside as sintraal ynformaasjepunt foar alle Friezen om utens (en elk oar), dêr't algemiene ynfo, adressen, links nei oare organisaasjes en bygelyks de ynfo-map (Wat is der te dwaan?) en it argyf te finen binne.
7. Antisipearje op de takomstige situaasje as der gjin kriteren mear binne en it Boun yn letterlike en juridyske sin gjin Boun mear is en der dochs ferlet blykt sa as beskreaun yn útgongspunt 4. Dêrfoar no al ûndersyk dwaan nei de winsklike, de praktyske en de juridyske mooglikheden om as histoaryske en saakkundige organisaasje bestean bliuwe te kinnen en dêrtroch mooglik mei yn dat ferlet foarsjen te kinnen. De resultaten fan it ûndersyk kinne dêrnei brûkt wurde foar it meitsjen fan ien as mear realistysk ûnderboude takomstsenario's, dêr 't it Boun meidetiid in kar út meitsje kin.
8. Yn oerlis gean mei de organisaasjes yn Fryslân wêryn it Boun aktyf partisipearret (IFAT = It Frysk Amateur Toaniel en De Fryske Beweging) om te sjen nei hjoeddeistich en takomstich ferlet en nei nut, needsaak en mooglikheden fan behâld fan dizze besteande gearwurking.

Bijlage 1: Basis-ynformaasje 100 jier KFBou

Karbrief, doelen en taken

It binne de kriteren dy't it ta har taak rekkenje, te foarsjen yn it ferlet fan Friezen om utens (harren leden) om yn de eigen wen- en libbensomjouwing bûten Fryslân de Fryske taal en kultuer te belibjen (ferdivedaasje) en út te dragen. Dat dogge sy troch aktiviteiten te

organisearjen foar leden en potensjele leden. It giet foaral om toaniel, sjongen, dûnsjen, muzyk en nijsgjirriche fertellingen.

It is it Boun, dat as koepelorganisaasje de kriteren, wêr nedich, bystiet en foaral harren belangen behertiget by ûndermear de oerheid en lannelike organisaasje, sawol yn as bûten Fryslân. Dy belangebehertiging hat him yn de rin fan de tiid ek ûntwikkele ta partisipearjen yn breder opsetten organisaasjes dy 't har ynsette foar it behâld en de ûntwikkeling fan it Frysk yn de meast romme sin. It giet hjirby ûndermear om sawol it behâld as de ûntwikkeling fan de Fryske taal, de Fryske kultuer en de Fryske skiednis. Ek de ynset foar behâld fan it Frysk as twadde rykstaal is in wichtich punt. Ik giet konkreet om it lidmaatskip fan De Fryske Beweging (foarhinne De Ried fan de Fryske Beweging) en de bestjoersdielname yn it IFAT (stichting It Frysk Amateur Toaniel).

De praktyk fan rom 100 jier Fryske kriteren om utens en Keninklik Frysk Boun om Utens
De kriteren en it Boun ha hiel lang funksjonearre yn tiden dat der in rom oantal kriteren bestie mei moai wat leden, wêrtroch rûnom sprake wie fan in bloeiend kriterelibben mei in ryk ferskaat oan aktiviteiten, krêftige bestjoeren en sûne finânsjes.

De lêste tweintich jier is der in fikse tebekrin fan it tal kriteren, fan it tal leden, fan it tal aktiviteiten en is der oeral fergrizing. Dizze ûntwikkelingen binne yn haadsaak it gefolch fan it ôfheakjen fan leden troch ôfnimmende sûnens of troch ferstjerren. Dêrby bliuwt de oanwas fan nije en foaral jongere leden al jierren út (sjoch bylage 2 foar ferklearingen). Ien fan de negatieve gefolgen fan de hieltyd lytsere ledetallen is de sterke beheining fan de finânsjele mooglikheden fan de kriteren. Fierder is it foar de measte kriteren hieltyd dreger in foldwaande grut en krêftich bestjoer te formearjen.



De Terp fan de takomst –
bûtendyks by Blije - hâldt it KFBou
de fuotten droech??

Bijlage 2: Basis-ynformaasje sosjale ûntwikkelingen en gefolgen

Analyse fan de feroaringen troch de tiid hinne en de ferklearringen dêrfoar

De kriteren binne ûntstien yn in tiid dat it libben fan de Friezen him meastentiids noch ôfspile yn in beheinde omjouwing fan it eigen doarp en de plakken dêromhinne. Troch benammen it tekoart oan wurkgelegenheid kaam it út need ferlitten fan Fryslân op gong. Soks waard gauris belibbe as emigrearjen. Efkes werom nei Fryslân wie doetiids ek in

omlânske reis. En kontakten giene doetiids allinne noch mar troch brieveskriuwerij. Fanút de leafde foar it heitelân en de memmetaal en ek troch ûnwennigens kaam de rop om ferbining mei Friezen yn harren nije omjouwing en om Fryske ferdivedaasje. Sa ûntstienen doe de Fryske krite mei sprekende nammen as ‘Fier fan hûs’ en ‘Troch de taal ferboun’.

Yn de ôfrûne 100 jier en benammen yn de lêste tweintich jier hawwe har yn hurd tempo grutte maatskiplike feroaringen foardien, dy’t it belibjen fan it wêzen fan in Fries om utens sterk feroare en fermindere ha. De jongere generaasjes Friezen om utens ha amper mear ferlet fan organisearre (fer)binning en ferdivedaasje, sa as Fryske krite bûten Fryslân dy oanbiede. Dit is goed te ferklearjen, trochdat dizze generaasjes hikke en tein binne yn in hiel oare tiid en omjouwing. En dêrmei is wer goed te ferklearjen en te begripen, dat de belangstelling foar Fryske krite om utens minder wurden is en soms hielendal ferdwûn is.

Foar it byld en it goede begryp in opsomming fan de hjirboppe oanhelle fundamentele maatskiplike feroaringen en de gefolgen dêrfan foar it wêzen fan in Fries om utens.

- Jongere generaasjes binne opgroeid yn in hiel oare sosjale omjouwing en steane dêrtroch oars yn it libben.
- Jongere generaasjes binne breder en folle mear wrâldsk oriïntearre en oplat.
- Yn de gruttere en mear wrâldsk oriïntearre libbensomjouwing spilet Frysk in lytsere rol.
- Jongere generaasjes binne thús en op skoalle grut wurden mei mear en in oar ferskaat oan talen en kulturen.
- Jongere generaasjes binne meastal út frije wil út Fryslân weigien om kânsen te gripen.
- Jongere generaasjes libje faker yn in net-Fryske húshâlding troch trouen mei in net-Fries.
- Jongere generaasjes ha troch alle feroaringen yn de tiid in oars fiede binning mei it Frysk.
- By jongere generaasjes Friezen spilet ûnwennigens hast net en is der dêrtroch frijwol gjin ferlet fan moeting en binning.
- Fryslân is folle mear tichteby troch makliker reizgjen, de (sosjale) media en de wolfeart.
- Fryske taal, kultuer en deistich barren komme by de minsken bûten Fryslân thús troch telefyzje en sosjale media.
- Yn de krite, sa as dy hjoed-de-dei noch bestean, fine jongere generaasjes net de Fryske kultuer-utingen en sfear sa’t sy dy wend binne of wiene.
- It hat al jierrenlang bliken dien, dat probearsels ta feroaringen de krite om utens gjin nije kânsen en gjin nije bestendige takomst jouwe.

Mear eftergrûnynformaasje is te finen yn it jubileumboek 'It djippe wêzen fan de Friezen om utens' (2023) en it boek 'Friezen yn'e Frjemdte' (2011).

Ad 11. Kontakt bestjoersleden mei de kriteren

Yn it bestjoer fan It KFBou is al jierren de ôfspraak, dat de bestjoersleden op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de kriteren yn ús lân. Yn it bestjoer binne ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker krite kontakt ûnderhâlde sil:

- Foarsitter Jan Bijkerk is keppele oan Súdeast - Drinte en Hoarn
- Skriuwer Kees van der Beek is keppele oan Apeldoarn en Twente
- Ponghâlder Jan Vogel is keppele oan Lelystêd
- Gerrita Otten is keppele oan Assen en Meppel
- Luit Dijk is keppele oan Utert-Seist en Swol
- Piet Bloemsma is keppele oan Hilversum en Boadegraven

Mar, wat hâldt soks no yn?

Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounsbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden, is it mooglik in idee om as kritebestjoer it kontaktbestjoerslid fan it Boun ris út te nûgjen foar in bestjoersgearkomst.

It riden en farren fan de kriteren giet ús, dat mei dúdlik wêze, oan it hert!

Ad 12. Moetings- en Ynspiraasje middei 2026 (ideeën)

It bestjoer freget jimme suggestjes foar de ynhâld fan de Moetings- en en Ynspiraasje middei 2026.

Ferslach fan de Moetings- en Ynspiraasjemiddei 2024:

Om 13:15 oere iepenet krite-foarsitter Ludzer van der Schors de jierlikse Moetings- en Ynspiraasjemiddei (MYM) mei in hertlik wolkom oan deputearre Eke Folkerts, boargemaster fan Meppel Richard Korteland, de eareleden van de krite, de sprekkers Waling Dijkstra IV, Goffe Jensma en Abe de Vries en alle oare oanwêzigen.

Dêrnei hâldt boargemaster Korteland in taspraak. Hy lokwinket de krite mei har 100-jierrich jubileum. Yn syn politike karriêre hat Korteland ûnderfûn hoe't minsken har ferbûn fiele troch de eigen taal. Dat jildt foar streektalen sa as it Drints en Twints, mar fansels ek foar de Fryske taal, symboal foar de Fryske identiteit. Korteland wurdt anst boargemaster fan Almelo. Dêr wol hy, krekt as yn Meppel, stribje nei ferriking binnen syn gemeentegrinzen troch elke stim, elke taal en elke kultuer te omearmen.

Bounsfoarsitter Jan Bijkerk liedt no it ûnderwerp en de trije sprekkers fan dizze middei yn. Goffe Jensma en Abe de Vries sille ús meinimme yn it libben en wurk fan de Fryske skriuwer Waling Dykstra (1821-1914), nei wa't de gastkrite Meppel neamd is. De krite is tige grutsk, dat de tredde sprekker hjoed nimmen oars is as Waling Dykstra IV, oerpakesizzer fan de skriuwer.

Dan set Goffe Jensma, emearitus heechlearaar Fryske taal en letterkunde oan de universiteit yn Grins, útein mei it earste part fan de lêzing: *Waling Dykstra en it sprutsen en skreaune Frysk*.

Jensma nimt ús mei yn de skiednis fan Fryslân en wiist oarsaken en omstannichheden oan, dy't in de twadde helte fan de 19e iuw lieden ta it ûntstean fan de Fryske beweging en har spearpunt fan it twatalich ûnderwiis.

De Fryske dichter Abe de Vries skriuwt al hast tsien jier oer Waling Dykstra en syn wurk en hat twa boeken oer him besoarge en ynlaat: in gedichtebondel (*Duvelskeunstner*) en in ferhalebondel (*Folksskriuwer*). De Vries fertelt ús oer it persoanlike libben en wurk fan bakkerssoan Waling en hoe't er him ûntwikkele hat ta in folksskriuwer mei in kaaiposysje yn de Fryske literatuer. De Vries beskôget Dykstra dêrom as de wichtichste Fryske skriuwer yn de skiednis.

Dan is it wurd oan Waling Dykstra IV. Hy stamt ôf fan it 11e en jongste bern (Theunis) fan skriuwer Waling Dykstra. De sprekker hat de lêste 25 jier mei in soad wille foarsitter west fan de Waling Dykstrastifting. Dy hat ta doel de namme en neitins fan syn oerpake, syn libben en wurkjen yn eare te hâlden. Dat docht de stifting troch presintaasjes en moetingen sa as dizze en troch de ferkeap van boeken, krekt as hjoed.

Hjernei sjonge wy tegearre ien fan de lieten fan Waling Dykstra: *Ald en Nij (Doe't Pake jit feint wie en Beppe jit faam...)*

Yn it twadde part fan syn lêzing giet Goffe Jensma yn op de fierdere ûntwikkelingen van de Fryske beweging en it Frysk. Fan alle Fryske skriuwers út de 19^e iuw hat Waling Dykstra it bêst de kleau tichtsje kinnen tusken skriuwtaal en sprektaal. Dykstra krige ek opdracht

fan de provinsje om it earste Fryske wurdboek te koördinearjen. Mei al syn wurk hat Dykstra meiwurke oan de ûntwikkeling fan it Standertfrysk, sa't wy dat no kenne. Twatalich wêze is een foarrjocht dat wy omearmje moatte, fynt Jensma. Hy beslút mei de wurden: *"It Frysk heart by ús en it is fan ús. Wy binne it. Sunich op wêze, dus!"*

Dêrnei lêst Abe de Vries ien fan de ferhalen fan Waling Dykstra foar. It hat yn 1853 yn it tiidskrift *De Fryske húsfreon* stien en giet oer in akkefysje tusken in earlike, tûke timmerfeint en in frekkerige keapman. De rjochter moat der oan te pas komme en op it ein bliuwt de keapman mei lege hannen efter. In fermaaklik ferhaal!

Wy beslute de Moetings- en Ynspiraasjemiddei troch it mei-inoar sjongen fan it fleuriche *Simmermoarn (Wat bisto leaflik...)*. Dat dit wis it meast bekende liet fan fan Waling Dijkstra is, docht wol bliken út it grutte oantal entûsjaste meisjongers.

Rûn 14:45 oere betanket Jan Bijkerk de hearen foar de tige nijsgjirriche middei en jout se alle trije in eksimplaar fan *It fan djippe wêzen fan de Friezen om utens*, it jubileumboek fan it Boun. Ek deputearre Eke Folkerts wurdt betanke foar har oanwêzichens. Sy krijt it boek *Friezen yn'e Frjemdte*.

Eke Folkerts krijt dêrop noch koart it wurd. Sels is se trijetalich, seit se, want se praat Frysk, Urkers en fansels Hollânsk. Se hat in drok libben, mar woe hjir hjoed graach komme en hat ek har beide âlden meinommen. Mei har trijen bliuwe se ek foar it twadde diel fan'e middei mei it optreden fan trûbadour Piter Wilkens. Folkerts betanket it Boun en de krite foar de waarme ûntfangst en de noflike middei.

Gerrita Otten-Onrust

Ad 13. Mediasaken / Omrop Fryslân – Jan Piet Bergmans

Jan Piet Bergmans stelt de gearkomste op de hichte fan de stân fan saken fan de media en Omrop Fryslân.

Ad 14. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- a. It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.

- b. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside www.fryskbutenfryslan.frl .
- c. It trochjaan fan Krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is no in Aktiviteitenkalinder opnommen: alle kriteren jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn 't winterskoft op 'e rol stiet.

De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk, Ida Knobbe-Kramer en Kees van der Beek: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl / www.fryskbutenfryslan.frl

Ad 15. Nijsoarsjenning nei de kriteren ta

De **Ynformaasjemap fan it KFBou** stiet op 'e webside en waard dêr foarhinne regelmjittich ferfarske. Wie der nijs en/of feroaring dan koe men de Ynformaasjemap sûnder wachtwurde rieplachtsje.

It ferfarskjen is nei 1 jannewaris 2025 net mear it gefal – it beslút dêrta is tidens de AG fan 2024 nommen.

Meitsje lykwols dochs sa folle mooglik gebrûk fan ús webside:



www.fryskbutenfryslan.frl

Dêr kinne jimme op de 'eigen kriteside' ynformaasje jaan troch de eigen kriteblêden; stjoer dy nei de skriuwer fan it KFBou – dy soarget, dat it op de webside komt te stean. Sa hâlde wy inoar op 'e hichte fan nijsgjirrich nijs. De Aktiviteitenkalinder op de webside jout in moai oersicht fan alle aktiviteiten. Sjoch ek ris ûnder de knop 'Weblog'. Sa kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten. It AMBYLD, mei de gearkomststikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail nei de skriuwers en foarsitters fan de kriteren; dy is ek yn te sjen op ús webside. Fierders giet it AMBYLD nei tal fan oare Fryske organisaasjes en media.

Ad 16. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Understeande beskriuwing is ôfhelle fan harren webside:

Foar elkenien

Fanâlds is de Folkshegeskoalle in sintrum fan elkoar tsjinkomme, besinnen en kultuer. En dat is it noch altyd. Jo binne fan herten wolkom om hjir te genietsjen. Allinich, tegearre of mei in groep: yn dat gefal ferbliuwe jo yn



ús groepsakkommodaasje. Wy biede groepsakkommodaasje foar groepen oant 100 man en dêrneist apparteminten. De Folkshegeskoalle biedt ûnderdak oan san 35 kursussen en aktiviteiten. Sjoch dêrfoar by it cursusoverzicht. Us Fryske roots binne noch sichtber oanwêzich, lykas yn kursussen oer de Fryske taal en kultuer. Us iten is ljocht en smaaklik, makke mei farske yngrediïnten. Neist it edukative oanbod, is de Folkshegeskoalle it perfekte plak foar in skoallereis, famylje- of bedriuwstapkes of gewoan in lekkere fakânsje. Besjoch de mooglikheden.

Missie en visie

De Folkshegeskoalle Skylgeralân fersoarget en organisearret kursussen oer meardere dagen en stelt fasiliteiten beskikber foar aktiviteiten dy't in edukatyf of (sosjaal-)kultureel karakter hawwe. Dêrby hawwe kurussen en aktiviteiten dy't Fryslân en de Fryske taal en kultuer betrefte. De Folkshegeskoalle is in trefpunt midden yn de natoer mei woartels yn de Fryske mienskip.

Skiednis

Nei de twadde Wrâldoarloch waarden oeral yn Nederlân Folkshegeskoallen oprjochte. Op de folkshegeskoallen koene (jonge) minsken inoar moetsje, har ûntwikkelje en de eigen kultuer en identiteit belibje. De Folkshegeskoalle Skylgeralân is der as iennichste noch. En hjoed-de-dei komme minsken hjir fan alle leeftiden, fan 8 oant 80 jier. Hiele folksstammen (Fryske) jongeren en folwoeksenen hawwe hjir inoar yntusken moete, genoaten fan de aktiviteiten en ynspiraasje opdien.

Bysondere akkomodaasje-bunkers

Op ôfstân fan it Noardseestrân en it wrâlderfguod Waadsee, leit de Folkshegeskoalle op in sintraal plak op Skylge, yn it Hoarnske bosk. De akkomodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantikwall, bunkers út de Twadde Wrâldoarloch. Dy bunkers hawwe no in funksje as sliepkeamer of ytseal. Tusken de lytsere munysjebunkers op it hiem fan de Folkshegeskoalle fynst no it iepenloftspul De Rondte. De oare gebouwen fan de akkomodaasje binne yn freonlike Skandinavyske styl oanlein en ûntwurpen troch de bekende Fryske arsjitekt Gunar Daan (1939 -2016).

Foar ynformaasje: info@folkshegeskoalle.nl / <https://folkshegeskoalle.nl/>

Kontakt:

0562-448954 - Badweg Hoorn 11, 8896 KC Hoorn – Terschelling

Eareleden fan it Keninklik Frysk Boun om Utens

Stoffel Haagsma.
Sjoerd D.A. Bakker.



Understeande betinkingspeech hat de Bounsfoarsitter by it ôfskie fan Hâns Dijk yn de tsjerke fan Boadegraven útsprutsen:

“Kinderen, kleinkinderen, familie en overige aanwezigen,

Dat Hans zijn wortels in Friesland had liggen, was duidelijk. Een groot deel van zijn tijd heeft hij zich ingespannen om de Friese taal en cultuur door te geven aan Friezen en niet-Friezen.

Hans is namelijk 17 jaar, vanaf 2000 tot 2017, voorzitter geweest van ‘It Keninklik Frysk Boun om Utens’, de overkoepelende organisatie van Friese verenigingen buiten Friesland. Hij heeft dit altijd met heel veel enthousiasme en gedrevenheid gedaan en werd tijdens zijn aftreden benoemd tot erelid.

Op 21 oktober 2006 werd Hans, mede door zijn verdienste voor de Friese taal en cultuur, benoemd tot Ridder in de orde van Oranje-Nassau.

Ook was Hans lid van de Fryske Akademy, de organisatie die zich richt op het wetenschappelijk onderzoek naar de Friese taal, de meertaligheid en de regionale geschiedenis van Friesland.

Hans hield van uitdagingen. Onder andere, door samen met wijlen Hâns Weijer, een boek te schrijven over alle Friese verenigingen die in de wereld zijn geweest en op dat moment nog aanwezig waren. In eerste instantie werd gedacht een boek te maken van maximaal 300 pagina’s. Bij nader inzien werd het een boek met de naam ‘Friezen yn’e Frjemdte’, met 770 pagina’s en een gewicht van 7,5 kilogram. Het boek is in een tijdsbestek van 5 jaar gerealiseerd. Het is een prachtig naslagwerk geworden over de beleving van de Friese taal en cultuur tot ver buiten Friesland.

Het Keninklik Frysk Boun om Utens vierde in september 2023 haar 100-jarig bestaan. Twee jaar daar-voor werd ik, als huidig voorzitter, gebeld door Hans en hij zei ondermeer:

“Jan, kunnen we niet proberen om bij het honderdjarig bestaan het predicaat Koninklijk te krijgen?” Voor mijn gevoel meer als grapje.”

“Maar toch hebben we dat serieus opgepakt en na veel papierwerk en wachttijd is uiteindelijk het predicaat door de Kommissaris van de Koning van Friesland, de heer Brok, op 16 september 2023 uitgereikt.

Hans vroeg zich al jaren af, hoe het mogelijk is dat de Friese verenigingen buiten Friesland en hun besturen het zo lang hebben uitgehouden. Wat zit daar achter, wat is de drijfveer geweest, dat dit mogelijk is geworden? Hans is begonnen de tekst voor een boek te schrijven, een parodie, zoals hij zelf zei, maar vooral een ode aan al die harde werkers, die het mogelijk hebben gemaakt dat It Frysk Boun 100 jaar heeft kunnen bestaan.

Het boek, geïllustreerd met foto's van de diverse bijeenkomsten van it Frysk Boun, is vorig jaar ter gelegenheid van het 100-jarig bestaan uitgegeven met als titel: “It djippe wêzen fan de Friezen om Utens”.

Naast de zakelijke contacten, hebben we ook een persoonlijke band opgebouwd.

Op 12 juni j.l. zijn mijn echtgenote Sjoerdsje en ik nog even bij hem lan gsgereden om te horen hoe het met hem ging. We hebben toen nog veel verhalen uit het verleden met elkaar gedeeld, over zijn geboortedorp, zijn opleiding en de mooie bijeenkomsten van de afgelopen 30 jaar, zowel hier bij de Friese vereniging in Bodegraven als bij die van it Keninklik Frysk Boun om Utens.

We moesten zijn schilderijen bekijken van bekende Friese bouwwerken, zoals de Oldehove van Leeuwarden, de Waterpoort van Sneek, het stadhuis van Bolsward en de boerderij waar hij in Sibrandehûs is geboren. En natuurlijk was hij trots op zijn familiewapen dat bij hem in de gang hing.

Hans vertelde nog dat hij graag in het najaar, nadat de collectie schilderijen compleet zou zijn, op vastgestelde tijden een expositie wilde houden van zijn schilderijen voor kennissen en leden van de Friese Vereniging van Bodegraven. Dat heeft echter niet meer zo mogen zijn.

Graag wil ik nog een Fries gedicht voordragen dat Hans in het verleden heeft gemaakt. Dit gedicht is vastgelegd in het boek “It djippe wêzen fan de Friezen om Utens”.

Tot slot ga ik nog even door in het Fries:

Hâns, tige tank foar dyn krewearjen foar de Fryske Taal, foar de Fryske kultuer, dyn entûsjasme en trochsettingsfermogen, dyn optimisme en oan de oare kant dyn saaklikheid. Spitich, dat dêr in ein oan kommen is.

Do silst, ek as freon, altyd yn ús hert bliuwe!

Rêst sêft,

en veel sterkte toegewenst voor de familie.”



Oansletten Krite (skriuwer/ster – it mailadres kin fan in oar wêze!)

Apeldoarn: "FIER FAN HUS", Gerrit Stegenga; fierfanhus.apeldoorn@gmail.com;
 Assen: "US MEMMETAEL", Hans Groenhof; hansenmetje@home.nl;
 Boadegraven: "FIER FAN HUS", T. Broere-Tiesinga; tinibroere@kpnmail.nl;
 Hilversum: "FRYSK EN FRIJ", A.R. Koopmans-Nieuwland; kritehilversum@gmail.com;
 Hoarn: "TROCH DE TAEI FORBOUN", Jan Vogel; yellowbirds53@gmail.com;
 Twente: "FREONEN FRYSKE KULTUER", Auke Hoekstra; a.hoekstra1@lijbrandt.nl;
 Lelystêd: "DE SEKRITE", Luit Dijk; luit.dijk@kpnmail.nl;
 Meppel: "WALING DYKSTRA", Romke E. Egbers; walingdijkstra@kpnmail.nl;
 Súdeast-Drinte: "SUDEAST-DRINTE", Sjouke van der Veen,
sjouke.vanderveen@kpnplanet.nl;
 Swol: "FRYSK SELSKIP SWOL", J.Tj. Kuipers; jantjerkuipers@gmail.com;
 Utert-Seist: "MEI INOAR IEN", J.P. Bergmans; j.p.bergmans@casema.nl;

NET-OANSLETTE KRITE:

Roan: "ROAN EN OMSTREKEN"; Klaziena van der Molen-Kampen;
gerritenklaziena@gmail.com;

Bylage I by jierferslach skriuwer

Bounsbestjoer:

| | |
|-----------------|---|
| Foarsitter | Jan Bijkerk, foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl ; |
| Skriuwer | Kees van der Beek, skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl ; |
| Ponghâlder | Jan Vogel, yellowbirds53@gmail.com ; |
| Twadde skriuwer | Gerrita Otten, g.onrust1@gmail.com ; |
| Lid algemien | Luit Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl ; |
| Lid algemien | Piet Bloemsma, p.bloemsma@planet.nl ; |

| | |
|-----------------|---|
| Webmaster | Jan Bijkerk, itbounomutens@janbijkerk.nl ; |
| Skaad-webmaster | Ida Knobbe-Kramer, iknobbe@hccnet.nl ; |
| Media saken | Jan Piet Bergmans, j.p.bergmans@casema.nl ; |

Bylage II by jierferslach skriuwer – ledetallen ensfh. en stiftingsjierren
Ledetallen:

| KRITEN | OANTAL LEDEN | | YNLAGE | | TAGONGSPRIIS | |
|----------------|--------------|------------|---------|-------|-------------------|---------|
| | 31-12-2023 | 31-12-2024 | Euro's | | grutte toanieljûn | |
| | | | ienling | pear | lid | net-lid |
| Apeldoarn | 90 | 81 | 15,00 | 30,00 | 20,00 | 22,50 |
| Assen | 106 | 101 | - | - | - | - |
| Boadegraven | 50 | 50 | 10,00 | 20,00 | 10,00 | 15,00 |
| Hilversum | 75 | 70 | 15,00 | 30,00 | 10,00 | 15,00 |
| Hoarn | 75 | 72 | 15,00 | 30,00 | 5,00 | 12,50 |
| Hurderwyk | 77 | * | - | - | - | - |
| Twente | 110 | 110 | 20,00 | 35,00 | - | - |
| Lelystêd | 72 | 84 | 25,00 | 50,00 | 12,50 | 15,00 |
| Meppel | 41 | 39 | 15,00 | 30,00 | 7,50 | 16,50 |
| Súdeast-Drinte | 86 | 60 | - | - | - | - |
| Swol | 94 | 86 | 38,00 | 76,00 | 0,00 | 10,00 |
| Utert-Seist | 93 | 92 | 15,00 | 30,00 | 12,50 | |
| TOTAAL | 969 | 845 | | | | |

Yn 2024 is de krite “Meiinoar Ien” fan Hurderwyk opheft. Dat skeelt it Boun 77 leden. Mei-inoar binne der 124 leden minder. De krite Assen, Súdeast-Drinte en Meppel hawwe witte litten dat se der yn 2025 mei útskaie.

Stiftingsjierren:

| KRITEN | OPRJOCHTE YN | d.d. | 2024 | 2025 | 2026 | 2027 | 2028 |
|----------------|--------------|--------|------|------|------|------|------|
| Swol | 1899 | 8-feb | 125 | | | | |
| Utert-Seist | 2019 | 18-mei | 5 | | | | |
| Apeldoarn | 1901 | 9-dec | | | 125 | | |
| Hoarn | 1911 | 11-nov | | | 115 | | |
| Meppel | 1924 | 24-feb | 100 | | | | |
| Assen | 1930 | 18-dec | | 95 | | | |
| Boadegraven | 1946 | 15-jan | | | 80 | | |
| Hilversum | 1947 | 8-mrt | | | | 80 | |
| Lelystêd | 1971 | 26-nov | | | 55 | | |
| Hurderwyk | 1979 | 8-mei | 45* | | | | |
| Twente | 1980 | 22-mei | | 45 | | | |
| Súdeast-Drinte | 1994 | 12-apr | 30 | | | | |

Krite-aktiviteiten:

| KRITEN | TOAN | KABA | Krystm. | TSJER | NIJ-B | EKSK | STUD | LEZIN | OARS |
|----------------|------|------|---------|-------|-------|------|------|-------|---------|
| Apeldoarn | 1/40 | 1/40 | | | 1/25 | | | | 1/20 |
| Assen | | | | | | | | | |
| Boadegraven | | | | 1/69 | 1/43 | | 4 | | 1/15 |
| Hilversum | | | | | | | | | 1/20 |
| Hoarn | 2/40 | | | | | | | 1/30 | 1/40 |
| Hurderwyk | 1/70 | | | | 1/45 | | | | 2/45/80 |
| Twente | 1 | | | 1 | 1 | | | | |
| Lelystêd | 1/40 | 2/40 | | | 1/45 | | 1/5 | | 3/40 |
| Meppel | 1/40 | 1/30 | | | 1/30 | | | | |
| Súdeast-Drinte | | | | | | | | | |
| Swol | | | 1/75 | | 1/50 | | 3 | | 1/125 |
| Utert-Seist | | 1/32 | 1/19 | | 1/24 | | | | 2/26 |

Taljochting:

1/70 betsjut: 1 aktiviteit mei sa'n 70 minsken oanwêzich.

Grize arsearring betsjut: stopt yn 2024 – blau: hawwe oanjûn yn 2025 te stopjen.

